



'It doarpsfeest'

1. 'It is net mear wat it west hat,' sei Klaas en sette de hegedrukspuit op de húskewein fan 'Tjitskes toiletwagenverhuur'. It smoarge wetter spatte fan it porslein ôf en rûn oer it weake bêzjekleurich swilk it toarre gers yn. 'Skraachoan hûndert man sieten by de toanieljûn; op de disko kaam mar in protsje jeugd ôf. Sels foar de preek krije wy hjoed-de-dei de tinte net mear fol.'
2. Ieuwen oanien wie de merke it hichtepunt fan it jier, dêr't eltsenien, jong en âld, arbeiderslju en treftich folk, oan meidie. It hûs himmele, de kij molken, de jildponge fol; men gong trije dagen lang fleurichop it feest yn, sûnder jin te bekroadzjen om de dei fan moarn.
3. Bern strjitslierden hoallefoaljend troch it doarp; ploechjes jongfeinten en -fammen kuieren skimerjûns troch de buorren, om ljuensk nei inoar te loaitsjen, stikem te mûskopjen en letter tútsjeboartsjend oer de merke te strunen.
4. Boeren en hannelers kochten fee op 'e merk; oare bisten waarden wreed offere, by barbaarske en grouwélige folksfermaken lykas hoannegefjochten, katkneppeljen, swyntsjetik, guozzelûken en it ferneamde Geastmer hûnewippen: troch in tou strak te lûken waard in hûn de loft yn smiten, dy't it by it delkommen op de klinkerts meastentiids net oerlibbe.
5. Foar de doarpsbewenners sels wiene der ek nuveraardige spultsjes; fansels it wenstige kroaderiden en it aairinnen, mar ûnder ynfloed fan de brandewyn mei rezinen op de matinee ek it alâlde knibbelfielen; dan moasten de manlju de boksen opstrûpe en de froulju blynseach oan de al of net behierre knibbels fiele, oft dy fan har oarehelte wiene, of dochs fan in boer fan bûtenút.
6. 'Mar sa is it dus al lang net mear,' sei Klaas. It dûnsjen fan skotse-trije en fokstrot op live muzyk fan De Wiko's moast úteinlik wike foar de desibellen fan trance en techno. Foar it doarpsfeest bliuwe jo net mear thús fan it wurk; it is in gefaar foar de karriêre, tink mar oan de risiko's op blessueres by de seiskamp.
7. De aventoeren áchter de tinte binne lykwols noch hielyd deselde: buorlju dy't simmerdeis wykliks mei-inoar barbecueden (barbekjûden) op 'e oprit, mar, no't buorfrou fan nûmer seis en buorman fan nûmer acht tegearre op it doarpsfeest it fleis ek ris óars keare woene, einigen yn in skieding yn de foarm fan in houten sket tuskenbeiden, by de opreed del, mei allinnich by need noch rjocht fan reed.